

Projektplan
POEZIJLAB
WEBTAPASSING SELSSTUDZJE HJOEDDEISKE FRYSKE POËZY



Doel en misje

Wy losse it probleem op dat kennis oer eigentiidske Fryske poëzy net algemien beskikber is, troch in moderne, twatalige iepen ynternetkursus Fryske poëzy oan te bieden, dy't geskikt is foar alle skoalbern yn it Fryske fuortset ûnderwiis, likegoed as foar elkenien dy't meidwaan wol.

De kearn is leechdrompelige en gelikense tagong. Dizze webtapassing leit de drompel nei poëzy leger en jout gelikense tagong ta poëzy yn ús nasjonale minderheidstaal. De measte minsken komme der net oan ta om poëzy te lêzen. Se wize it ôf om't poëzy te dreech om te begripen is, of net tagonklik genôch. Dat jildt ek foar learkrêften: dy jouwe amper les yn poëzy. Dêrneist biede lanlike organen (lykas Poëziecentrum Nederland) yn it generaal gjin Frysktalige poëzy oan.

De lesstofaandierder hat him hieltyd rjochte op de skiednis fan de Fryske literatuer, mar net op kennis fan de Fryske literatuer sels. It Fryske fuortset ûnderwiis jout de skoalbern les oer deade dichters. De hjoeddeiske Fryske poëzy is net foarhannen. Fryske poëzy wurdt oanbean lykas Latynske: as literêre histoarje – as dichtet men hjoed net mear yn dy taal. It doel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en literatuer is net allinne om de skoalbern te stimulearjen om it Frysk te bestudearjen, lykas it Latyn, mar ek om de Fryske taal aktyf te brûken. Foar dy lêste funksje is it needsaaklik om hjoeddeiske Fryske (literêre) poëzy oan de skoalbern oan te bieden.

De ûnderwiiswittenskip is it der al fyftjin jier oer iens dat ús learproses baat hat by selsstjoerde, ynteraktive, boartlike, yndividualisearbere metoaden. It aktive ûntdekkjen en taheakjen oan besteande kennis stimulearret it learen mear as it passyf, klassikaal opleppele krijen fan stof. Dêrom binne firtuele laboratoria net mear wei te tinken út it ûnderwiis. Bûten it formele ûnderwiis is 'online' learen oeral, altyd, op elk apparaat, foar elkenien. Selsstjoerd learen, de learstrategie fan de webtapassing, is in 21ste-ieske feardichheid. Ek basisskoallen stappe hieltyd mear oer op selsstjoerd learen. Dizze ûnderwiis-software helpt om de transysje te meitsjen.

Learen is in folslein-minsklik, libbenslang en ûnderfiningsrjochte proses. Sadwaande is de webtapassing in mânske iepen ynternetkursus. Mânske iepen ynternetkursussen binne fergese ynternetkursussen, beskikber foar elkenien dy't meidwaan wol. It kursusmateriaal wurdt ferspraat oer it web. Meidoggers binne net bûn oan in plak. Sokke ynternetkursussen jouwe it publyk in goedkeape en meigeande mooglikheid om nije kennis en feardichheden op te dwaan en de aanbieder om kwaliteitsûnderwiisûnderfiningen te leverjen yn in grut gebiet. De webtapassing makket de Fryske poëzy tagonklik foar elkenien dy't it Nederlânsk behearsket.

Kultuerpartisipaasje is in haaddoel yn ús sosjaal belied. Kultuerpartisipaasje makket minsken lokkich en ferbynt. Us projekt slút oan by it haaddoel Kultuerpartisipaasje fan de beliedsnoata Nij poadium: keunst is tagonklik foar elkenien en oan alle bern yn Fryslân wurdt keunst oanrikt.

Ek slút ús projekt oan by it Nij poadium-haaddoel fan: Fernijing yn de Fryske kultuer. De webtapassing selsstúdzje hjoeddeiske Fryske poëzy jout sels stal oan in moderne produksje fan Frysk literêr wurk, en kin tagelyk in jonge, nije produksje fan Fryske poëzy oanwakkerje.

De Underwiisynspeksje befellet oan om it Fryske taalûnderwiis oan te bieden yn kombinaasje mei omtinken foar de kultuer ('Sizzen is neat mar dwaan is in ding', 2019). Ek as skoalbern – dy dy't it Frysk net as memmetaal hawwe – de fersen yn 'e Nederlânske oersetting lêze, de lessen yn it Nederlânsk folgje en de oefeningen yn it Nederlânsk útfiere, komme se yn kontakt mei de Fryske kultuer: fia de Fryske gedichten.

It projekt slút fierder oan by de hoekstien fan de Europeeske Uny: it taal- en kultureel ferskaat dat fêstlein is yn Kêst 22 fan it Hânfêst fan Grûnrjochten fan de EU. De webtapassing is in middel om bewustwêzen fan ús Fryske minderheidskultuer te bouwen en te bewarjen, troch in iepen tagonklike, leechdrompelige kwaliteitskursus Fryske poëzy oan te bieden op it wrâldwide web.

Doelbrûker

Der is in ferskil tusken doelbrûker en doelpublyk. De doelbrûker is de direkte brûker fan de webtapassing Fryske poëzy:

- Nederlânsk- of Frysksprekkers fan 12 jier ôf en fan alle opliedingsnivo's, dy't nijsgjirrich binne nei it lêzen of skriuwen fan Fryske poëzy of it kennisgarjen oer Fryske poëzy
- Skoalbern yn it Fryske fuortset ûnderwiis
- Learkrêften dy't Frysk, Nederlânsk, skriuwen of poëzy jouwe soene dizze kursus dwaan kinne
- Kursuslieders fan rekreative poëzylessen

It ûnderwiis, as ôflate doelbrûker, kin de webtapassing op twa manieren as learmiddel ynsette:

- Yn it ûnderwiis yn de Fryske taal, neist de besteande Fryske taalmetoaden (dy't lang net alle skoalbern genôch útdaging biedt, sjoch Underwiisynspeksje 2019).
- As learmiddel yn it leargebiet Keunst en Kultuer. De modulen omfetsje de fiif kearn-doelen fan it leargebiet Keunst & Kultuer.

De doelbrûker bûten it formele ûnderwiis sil de webtapassing op utinoar rinnende manieren ynsette. Hy kin alle oefeningen yn it Frysk dwaan en oan it ein in sertifikaat helje. Of hy kin fan de poëzy yn 'e Nederlânske oersetting genietsje. Kultuerpartisipaasje is goed foar it persoanlik wolwêzen en foar de mienskip.

Mar as doelpublyk fan it 'boadskip' fan de webtapassing is der it breedst mooglik publyk: dat fan de ynternasjonale lêzer dy't yn kontakt komt mei libbene minderheidskeunst, dy't op in moderne en heechwaardige manier presintearre wurdt.

Einrisseltaat

Wy biede alle Nederlânsksprekkers fan 12 jier ôf, likegoed as alle skoalbern yn it Fryske fuortset ûnderwiis, yn alle skoaltypen, klassen en Fryske taalprofilen, hjoeddeiske Fryske poëzij oan, as mûnske iepen ynternetkursus. De webtapassing sjocht der sa út:

- Wy biede 100 eigentiidske Frysktalige literêre ferzen (skoepen nei 2000).
- De hiele webtapassing is twatalich: elk fers is oerset nei it Nederlânsk, alle stúdzjematerialen, de stúdzjewizer en it learkrêftehânboek binne yn it Frysk en it Nederlânsk beskikber.
- Alle stúdzjemateriaal, en dêrby kommentaren en noaten en de stúdzjewizer, is skreaun op in tagonklik taalnivo, A2-B1 oftewol begjanners- en tuskenyennivo.

- Elk fers komt mei in kommentaar dat yngiet op foarm en ynhâld.
- Elk fers hat noaten foar drege wurden, lestige metafoaren ensafuorthinne, mei plaatsjes, links en lûdbestannen om de kursist syn eftergrûnkennis op te bouwen (in beheinde wurdskat en te min eftergrûnkennis binne oarsaken fan lêsprublemen en net mear meidwaan).
- Elk fers is te beharkjen yn Frysk en Nederlânsk; sa is de gedichtesamling tagelyk in harkboek.
- Tagonklik skreaune (taalnivo A2-B1) kennisblokken jouwe de kursisten kennis, oer poëtyske eleminten, eigenskippen en stylfigueren, mei foarbylden út de gedichtesamling en mei fragen en suggestjes om it ferkennen fan poëzy fierder te ûnderstypjen.
- De stúdzjewizer foar de kursisten hat in tiidskema, wurkwizer en stúdzjehantlieding.
- De lessen hawwe de foarm fan strukturearre modulen dy't de kursisten om bar of nei foarkar dwaan kinne. In module befettet oersichtlike kluten kennis mei oefeningen en selshifkjen. De modulen binne sa gearstald dat learkrêften dy oanfolje kinne.
- In learkrêftehânboek is taheakke (ûntjûn troch profesjonele ûnderwiiskundigen). It biedt kurrikulumferbiningen en oanfoljende lesideeën en aktiviteiten, en it ferdúdliket de learkrêftrol (en -ferantwurdlikheid) oangeande de selsstúdzjebeneiering.
- It scrollen yn de panielen mei it orizjenele fers en de oersetting kin syngronisearre wurde.
- De brûker kin kieze foar twa of fjouwer panielen op it kompjûterskerm.
- De panielen komme mei har eigen menu, wat it mooglik makket om twa, trije of fjouwer orizjinele fersen of de oersettingen derfan te ferlykjen, bygelyks it wurk fan ien skriuwer.
- In goeie sykmasine en robúste database meitsje de samling ferzen trochsykber op tema, tekstkompleksiteit-nivo, poëtyske styl, titel, fersrigel en dichter.
- De grutte kar, 100 gedichten, makket it mooglik om de kar fan it te analysearjen gedicht ôf te stimmen op libbensûnderfining (leeftyd) en tema-foarkar.
- Alle gedichten binne hifke op tekstkompleksiteit, fan nivo 1 oant 3. Dat wurdt dien op in manier dy't net beheinend is. Nammentlik, fersen fan alle nivo's fan tekstkompleksiteit komme mei wat se yn it ûnderwiis 'planned scaffolding' neame: ekstra learstappen foar de begjinner en de opklimmer. Sa makket de webtapassing ferzen fan in hegere tekstkompleksiteit tagonklik foar alle kursisten.
- De webtapassing komt yn de foarm fan in 'virtual lab'. Yn in laboratoarium-opset giet de kursist sels op ûndersyk út en skept it syn eigen kennis. Dat is in aktive, selsstjoerende ûnderwiis-learbeneiering. Selsstjoerd learen hâldt yn: in soad romte om op in hiel eigen manier te learen yn útdaagjende learomkriten, troch selsstúdzje, undersyk op it ynternet, spultsjedwaan, keunstwurken meitsje. Dy oanpak, yn kombinaasje mei 'planned scaffolding', makket dat yn it formele ûnderwiis de modulen skoalnivo's en taalprofilen te boppe gean en bûten it ûnderwiis dat 12+'ers fan alle opliedingsnivo's meidwaan kinne.
- It foardiel fan digitaal les materiaal is dat de kursist it altyd mei him meinimme kin.
- De selsstúdzjekursus wurdt ûntwurpen as web-tapassing: in tapassingsprogramma dat net download hoecht te wurden en draait op alle kompjûter-*operating systems*.
- De webtapassing is geskikt foar alle skerm breedtes: tillefoan, tablet, laptop, desktop en ekstra breed (tillefyzje). It fuortset ûnderwiis brûkt tablet, laptop en tf; húshâldens brûke faak alle.
- Wy benutsje in kombinaasje fan ûnderfiningsrjochte en humanistyske learbeneieringen en in opdracht rjochte ûnderwiistechnyk
- De webtapassing hantearret de 5 kearndoelen fan it leargebiet Keunst & Kultuer.
- Ynternetkursussen binne populêr: wy rekkenje op 500 kultuerpartisipanten jiers.
- De webtapassing is fergees.

Nigethawwers

De nigethawwers ('stakeholders') binne de minken en organisaasjes dy't wy rieplachtsje en/of yn it útstelde projekt behelje. It projekt hat gjin ynterne nigethawwers: de bydragen yn 'e kosten fan de nigethawwers berinne 0 persint. Hjirûnder rjochtfeardigje wy de kar foar de primêre nigethawwers, hoe't wy har deryn behelje, hoe't wy har belutsenheid brûke, wêrom't har belutsenheid nuttich of needsaaklik is foar it projekt. Dêrnei somje wy de sekundêre nigethawwers op, dus de provinsjale kennisynstituten yn waans farwetter wy sitte, en hokfoar kennis en bêste wurkingen oft wy elk fan de sekundêre nigethawwers te bieden hawwe.

Primêre nigethawwers

- Taalplan
 - Netwurk kwaliteitsoanbod fan Fryske taal- en kultuermetoaden yn it fuortset ûnderwiis.
 - Meiïnoar in kommunikaasjeplan opstalle dat skoallen ynformearret oer de webtapassing.
 - Taalplan hat de kontakten mei de Fryske skoallen en de learkrêften, dy't wy net hawwe.
- Poëziecentrum Nederland
 - Kennisútwikseling op it mêd fan oanbieden fan literêre poëzy oan it brede publyk.
 - De kennis fan hoe't jo 'hege' of 'elitêre' literêre poëzy by in net-literêr-betûft publyk bringe, benutsje wy troch de geskikte techniken te brûken yn de modulen en eftergrûnkennis yn de webtapassing.
 - Wy beskikke net oer de enoarme ekspertize op it mêd fan oanbieden fan literêre poëzy oan 'elkenien', dy't it Poëziecentrum hat.
 - Yn retoer kinne wy it Poëziecentrum helpe mei aktiviteiten om Frysktalige poëzie hinne.

Sekundêre nigethawwers

- Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum Tresoar
 - Wy kinne Tresoar helpe by it projekt Fryske poëzy op Lêze foar de List, mei kennis en bêste wurkingen. Wy kinne in fundearre teory biede, yn in praktykrjochte kontekst. Dat sil in fûnemint wêze fan ús metodyk yn de webtapassing.
- Underwiisburo Semko
 - Yn it Semko-netwurk kin elk fan de nigethawwers it sines derta dwaan, op it mêd fan útdaagjend, feilich en ynklusyf 'wrâldûnderwiis'. By útstek Semko kin ús helpe om de prinsipes fan it humanistysk ûnderwiis yn 'e praktyk te bringen yn de webtapassing.
- Cedin Zorg en Onderwijs
 - Wy kinne Cedin riede oer de op te nimmen literêre poëzy en de oanbieding derfan yn de digitale Fryske taallesmetoaden en de Frysktalige skoaltydskriften foar it basis- en fuortset ûnderwiis, en ek oer literêre poëzyaktiviteiten foar skoalbern.
- Fryske Akademy
 - It FA-ûndersyksdoel fan – fuortsterkjen fan it – ûndersyk nei taallearen yn meartalige krite hat as maatskiplike rillevânsje: de tagonklikheid ta de minderheidstalige kultuer. Kwa praktysk taallearen en praktyske tagonklikheid kinne wy helpe om in oersetoplieding en in oersetburo op te setten foar spesjalisearre Fryske tekst, lykas foar 'hege' literatuer.

Wy kinne ûnderwerp-spesifike *briefings* foar nigethawwers organisearje, as dêr belang by is.

Rânebetingsten en easken

Wolle jo keunst leechdromplich tagonklik meitsje oer it ynternet, dan is in betingst foar súkses fansels dat it publyk digitale feardichheden, YT-apparatuer en tagong ta it ynternet hat. Yn 2019 hie 80 persint fan de Nederlanners digitale basisfeardichheden, hast 100 persint hat ynternet, hast 90 persint hat ien of mear YT-apparaten, en alle oantallen groeie.

Wat de projekteasken oanbelanget, it ûntwikkeljen fan de webtapassing kin oangean as:

- De projektteams beminske binne: it ynhâldtiim mei ien of twa tekstskriuwers, in oersetter en in redakteur, en ien tiim fan software-ûntwikkelders,
- In projektaginda opsteld is en
- It budzjet goedkard is.

Oanpak

Yn de konvinsjonele oanpak wurkje it ynhâldtiim en it ûntwerptiim harmonieus neist inoar. It ynhâldtiim sketst hoe't de kursisten (de 'brûkers') de tekst op de webside te sjen krije. De analist fan it ûntwerptiim set de fersiken út ynhâldtiim oer nei beskriuwingen fan de funksjonaliteit. De *back-end*- en *front-end*-ûntwikkelder soargje dat oan dy funksjonaliteitseasken foldien wurdt. Sok oparbeidzjen freget gjin lieding fan boppen ôf; it heart by de rol(len) fan in ûntwerptiim.

Wurk

It ynhâldtiim

- stelt regels op foar de konsistinsje fan de teksten en noarmen foar de kwaliteit fan de teksten
- makket in model foar it oanbieden fan de edukative ynhâld yn de laboratoariumoanpak
- selektarret 100 ferzen út it tiidrek 2000 – no
- spesifisearret tema's, stylklassen en tekstkompleksiteitsnivo fan alle fersen
- set 100 gedichten oer
- skriuwt 100 kommentaren
- skriuwt 12 kennisblokken
- skriuwt 12 lesmodulen mei ekstra learstappen neigeraden de nivo's fan tekstkompleksiteit
- skriuwt in stúdzjewizer
- ûntwikkelet en skriuwt in learkrêftehânboek
- skriuwt in helpseksje
- makket it audiofisuele materiaal
- redigearret alle teksten

It ûntwerptiim

- fiert it brûkersûndersyk út (makket kwaliteitseasken eksplisyt)
- ûntwerpt de database
- ûntwerpt de software (ynformaasje arsjitektuer, *wireframes*, prototypes en produkt)
- ûntwerpt de *user interface*
- makket ûntwerpbeskriuwingen
- test en evaluearret de softwaretapassing

Stappen en projektfazen

Mei it each op kwaliteit kieze wy foar in organysk projektmanagement, mei in ‘sêfte’ projektfasearring. In concreto: it oersetten en it databaseûntwerp begjint al foar’t it ûndersyk fan beide tiims klear is, sadat oersetter en database-ûntwikkelder yn in ier stadium weromkeppelje kinne. Ek draacht in trochgeand meilêzende redakteur mear by as in efterôf lêzende. Wol is der in heldere definysjefaze fan it projekt: dêryn sille de kwaliteitseasken fêstlein wurde.

Tiid

De tiid nedich om it projekt út te fieren, mei de ynhâld en features lykas beskreaun, is *6 moannen* fan start oant lansearring fan de webtapassing.

Jild

De begrutte bedraggen binne roaiïngen, basearre op merkkonforme tariven. It budzjet foar it software-ûntwerp is oan de feilige kant, sjoen de merkwurking en tariven yn ’e YT. Mits de opdrachtjouwer net mei ekstra fersiken komt, kin de learmetoade makke wurde foar *95.000 euro* mei-inoar.

Wy freegje de provinsje Fryslân om in part fan de kosten, en wol om in ynsidintele stipe fan *50.000 euro*.

De oare stipejouwers dy’t parten fan de kosten bybringe binne: it Nederlands Letterenfonds, it Prins Bernhard Cultuurfonds, it VSBFonds, it Fonds voor Cultuurparticipatie en de Douwe Kalma Stifting.

Sjoch Taheakke A foar de begrutting.

Saakkundichheid en tiims

Foar de ûnderwiisûntjouwing en it lesmateriaalûntwerp wurkje wy op mei it Instituut voor Interdisciplinaire Studies fan de Universiteit van Amsterdam en mei de skoalle Agora Xplore.

Wy stelle de projekt tiims gear op basis fan saakkundichheid. Dat betsjut dat it wurkploechmodel hantearre wurdt: de tiims wurkje selsstannich, rapportearje oan de projektlider en advisearje oan alle meiwurkers. Projektlider is .

Kwaliteit

De kwaliteitseasken foar ynhâld en ûntwerp wurde yn de definysjefaze fan it projekt beskreaun. By wize fan tuskentiidsk kwaliteitsbeweitsjen krijt it redigearjen syn beslach oan de hân fan de formulearre kwaliteitskritearia. Kwaliteitsproblemen kwa ynhâld kinne op dy manier dalik oplost wurde en de kritearia kinne oanpast en útwreide. Op it ein fan de realisasjefaze hifkje wy de hiele ynhâld fan de webtapassing neffens de útwreide kwaliteitskritearia. Wat it ûntwerp fan de webtapassing oangiet sil tuskentiidsk test wurde en bestiet de lêste faze út rigoreus testen fan de software.

Kommunikaasjeplan

Yn oparbeidzjen mei Taalplan sille wy in kommunikaasjeplan opstelle, sadat de skoallen yn it fuortset ûnderwiis yn Fryslân op 'e tiid op de hichte steld wurde fan it ferskinen fan mûnske iepen ynternetkursus Fryske poëzy.

Taheakken

A. Begrutting

B. List opnommen gedichten

C. Link nei de mock-up fan de web-tapassing 'PoëzijLab'

Projektbegutting PoëzijLab

oktober 2022

LÊSTEN (kosten)		
Taak namme	Plannearre doer (oeren)	Budzjet (€ ynkl. btw)
Untwerp		
Folslein responsyf (web-opmaak foar alle skermen, fan tillefoan-petretskerm oant desktopmonitor)	122	7.930,00
Hege browserferienberheid	60	3.900,00
Bânbreedte-ûngefoelich (lege-kwaliteit netwurken)	10	650,00
Feilichheid	97	6.305,00
Gegevensútwikseling tusken brûkers: diskusjefoarum foar skoalbern		200,00
Oanmeldsysteem (user authentication)	38	2.470,00
Haadnavigaasjebalke mei fly-out-funksjonaliteit (dropdown menu)	40	2.600,00
Helpmenu	85	5.525,00
Poëzijlêzer mei in 4-paniele-werjefte, mei oarspronklik fers neist oersetting en kommentaar en noaten derûnder	33	2.145,00
Opsje om oer te skeakeljen nei in 2-paniele-werjefte, foar oarspronklik fers en oersetting	23	1.495,00
Kar om it scrollen yn de panielen te syngronisearjen, foar oarspronklik fers en oersetting	20	1.300,00
Kar om fersrigelnûmers sjen te litten	10	650,00
In menu yn alle panielen, mei mooglikheid om werom te setten nei de standert yndieling	30	1.950,00
Brûker kin de gedichtesamling filterje op dichter, temas en tekstkompleksiteitsnivo	38	2.470,00
Brûker kin de filters kominearje yn in útwreide sykopdracht	42	2.730,00
Brûker kin sykje nei wurden en in beskate dichtrigel krije	38	2.470,00
Brûker kin navigearje nei eftergrûnkennis, der trochhinne sneupe en it besjen	40	2.600,00
Kontekstuele navigaasje: hyperlinks ferbine útlis mei gedicht, om sa ferbannen mei nije ynformaasje te skeppen	64	4.160,00
Tooltips lizze drege wurden en konsepten út	60	3.900,00
Brûker kin sjen/harkje nei fideo/audiomateriaal	120	7.800,00
Learareferzje komt mei bewurkbere lesplannen	40	2.600,00
Dedicated hosting + ûnderhâld (it jier)		1.200,00
	1010	67.050,00

Undersyk (en dêrby ûntwikkeljen fan regels en stylboeken)	65	1.300,00
Tekstskriuwen: kennisteksten (100 kommentaren en 9 ynformaasjeblokken)	372	7.440,00
Tekstskriuwen: 12 lesplannen, elk mei oprinnende nivo's fan 'scaffolding'	90	1.800,00
Tekstskriuwen: dokumintaasje (helpseksje)	38	760,00
Redigearjen	54	1.080,00
Audio/fisueel materiaal meitsje	36	720,00
Oersetten (100 gedichten, trochsneed 35 fersrigels, maksimum taryf fan € 3,- de rigel)	1050	10.000,00
	655	23.100,00
Organisaasje		
Merkûndersyk, konkurrinsje-analyse en brûkersûndersyk (user research)	20	600,00
In projektplan opstelle	8	240,00
In ûntwerptiim en de ynhâld-tiims gearstalle	18	540,00
In projektaginda opstelle	24	720,00
Kommunikaasje	20	600,00
Projektfuortgongskontrôle	28	840,00
On-site gearkomsten	22	660,00
	140	4.200,00
Kosten mei-inoar		94.350,00
BATEN (dekkingsplan)		
Bydrage publike fûnsen en oerheden		
Provinsje Fryslân		50.000,00
Nederlands Letterenfonds		15.000,00
Prins Bernard Cultuurfonds		10.000,00
VSBFonds		8.000,00
Fonds voor Cultuurparticipatie		8.000,00
Douwe Kalma Stifting		3.000,00
		94.000,00
Bydrage private fûnsen		
Jildsjitterij		200,00
Donaasjes/jeften		300,00

500,00

Baten mei-inoar

94.500,00

Taheakke B
List opnommen gedichten

Op Hatsum	J
De spiegel oan 't lewant	J
Boktuorren	J
It hûs Beth	J
Achter de huzen	J
Hege flecht	J
Oan de nestor	J
Hotze	J
De ierappeliter	J
IX	J
XL	J
Op 'en paad	J
Fynst	J
De froulju fan Rincón	J
Dyn taal	J
ritueel IL: de ierde	J
Hynder en luchtwein	J
Iistafrielen	J
Hân fan de see	J
It sânskip	J
Reindûns	J
Under de wrâld	J
De moerbeibeam	J
Ymmigrant	J
Gaasterlânske reis	J
Strofen ta herskepping fan ferline	J
Dyn laitsjen	J
Oan de wurden	J
Ritueel	J
de tochmalannen	J
Leafde	J
Ferlet	J
Foarby de tiid	J
Klisjees fan in ferdreamde leafde	J
Wite roas foar master dr. Tr.	J
Peaskekuier	J
Grutte man	J
Yn tiid en wyn	J
Mei it lemieren	J
Stjerlik lichem	J
Yn fearren sis mar	J
Myn bern	J
Kont op in wolk	J

Nachttrein	J
<i>har learskes marsjearje</i>	J
<i>de driuwer de kritikus</i>	J
In kantate foar de dea	J
long time no see	J
Eveline	J
<i>See</i>	J
Sevillaanske skoaier	J
Shuttlebuske	J
It earste tebektingen	J
Ienris	J
Ta it ierappelsetten	J
<i>Hear my stientsjesaaien</i>	J
<i>Limoenen is min oan te kommen</i>	J
Driuwjacht	J
Oer it útmoardzjen fan lytse brêgen	J
Foar dit Itaalje	J
Wurd foar winter	J
In ko ferkeapje yn 'e stêd Ljouwert	J
Unbidich objekt	J
Omsingele	J
Alfred	J
<i>Neffens minsklike mjitstêven</i>	J
do bytst my fûl	J
Hiemsiik	J
Goed folk	J
Myn earste aai	J
23 juny	J
Fuort	J
Hotsum	J
Candy says	J
by see	J
ús plak	J
de wei nei de Westhoeke ta	J
hoe't wy reizgje kinne	J
Slingertou	J
Nachtlik aventoer	J
op krokodillehannen	J
gers dat alfêst laket	J
se skopten anno sjoerd en se skopten titus	J
Palimpsest	J
Sa stekt men in brêge oer	J
Unbidich bêd	J
Us himel	J
<i>Dat der hjoed in mage iepene waard</i>	J
Seesicht by Harns	J

Ik kristus de dichter
De netten, de sinnen
De etser: 4. Kom, myn leave K.
5. Fall (LA) – Ikader
Slachthuzen
Sault St. Marie
Brugge (it swurk spant de dei de doeken)
Reade protter
mem (2)
Oer de dea fan in skieppefreon
Pleiaden

	J
	J
	J
	J
	J
	J
	J
	J
	J
	J
	J

Taheakke C

[Hjir fine jo de mock-up fan de web-tapassing 'PoëzijLab'](#)

Brûkersnamme:

Wachtwurd:

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen

P Art. 5.1 lid 5

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de onevenredige benadeling welke, in uitzonderlijke gevallen, wordt toegebracht aan een ander belang dan genoemd in art. 5.1 de leden 1 en 2, bij andere informatie dan milieu-informatie.